



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike is de hiele famylje yn Jeruzalem. It is Pesach. Jezus is der ek mei syn freonen. Sara en Simon hawwe Jezus sjoen doe’t er op in ezel Jeruzalem ynried. Doe like alles noch sa fleurich...

26. Op de Oliveberch **Lukas 22, 39-53**

Daniël kaam oanrinnen. Hy wie alhiel achter de pûst.

“Wat is der mei dy?” frege heit.

Daniël hime: “Jezus... Jezus is ophelle troch soldaten.”

“Gean earst mar efkes sitten,” sei heit.

Pake lei yn ’t gers te sliepen. Doe’t er Daniël hearde, waard er wakker. En mem kaam der ek al gau oanrinnen. Se sloech de earms om Daniël hinne en flústere: “Fertel mar, Daniël! Wat is der bard?” Underwilens kamen Sara en Simon der ek oan en fregen: “Wat is der te rêden, Daniël?”

“Ien fan de learlingen fan Jezus hat it my ferteld”, sei Daniel. Syn stim trille.

Allegear kamen se om Daniël hinne te stean. Doe begûn er te fertellen wat in learling fan Jezus him fan ’e moarn ferteld hat en wat der yn de nacht foarfallen is...

De learlingen wiene yn ’e war fan wat Jezus by it peaskemiel sein hie. Jezus hie sein dat ien fan syn learlingen Him ferriede soe. En se holden just safolle fan Him. Alles wie sa oars as oars. Nimmen doarde der wat fan te sizzen. En se fregen har allegear ôf wêrom’t Judas sa’n haast hie? Hy paste op it jild. Moast er soms noch wat keapje?

“Kom,” sei Jezus tsjin syn learlingen, “wy geane nei de Oliveberch.” Mei-inoar rûnen se de donkere nacht yn. Allegear hiene se har eigen gedachten. Jezus sil tocht hawwe: “Hoe sil it aanst mei myn learlingen gean as ik der net mear bin?”

Petrus rûn njonken Jezus. Hy fiede grif wol dat dizze jûn oars wie as oare jûnen. Ynienen bleau Jezus stean en sei: "Ik tink dat jim my allegear allinne litte as it gefaarlik wurdt. Jim sille krekt dwaan as kenne jim my net."

Petrus die in stap nei foaren, sadat er flak foar Jezus stie en sei: "Miskien de oaren, mar *ik* sil Jo nea yn 'e steek litte."

Jezus' stim klonk drôvich doe't er sei: "Petrus, do silst noch dizze nacht trije kear sizze datst My net kenst! As de hoanne kraait, silst oan My tinke!"

De oaren fûnen it ek net earlik dat Jezus sa prate. Se holden ommers fan Him!

Doe't se by it hôf fan Getsémané oankamen, sei Jezus: "Soene jim hjir op my wachtsje wolle? Dan sykje ik in plak om te bidden. Tink hieltyd oan my en fal net yn 'e sliep. Bid God dat Hy jim krêft jout."

De learlingen knikten en rôpen: "Sit dêr mar net oer yn! Dat dogge wy fêst."

Jezus rûn allinne tusken de olivebeammen troch. Yn 'e fierte seach Er de ljochtsjes fan Jeruzalem wol skitterjen.

De learlingen wisten neat mear te sizzen. It Pesachmiel wie sa tryst ôfrûn. En no foel it wachtsjen harren swier. Petrus en Johannes giene mei de rêch tsjininoar oan sitten en dodzen yn. De oaren joegen har yn it gers del.

Doe't Jezus in plakje fûn hie om te bidden, foel Er op 'e knibbels en praatte mei syn Heit yn 'e himel.

It foel Jezus swier. It swit dripte Him by de holle del. Mar gelokkich kaam der in ingel út 'e himel by Him te stean. Dy joech Him krêft fan God.

Doe't Jezus klear wie mei bidden, rûn er werom nei it plak dêr't Er syn learlingen efterlitten hie. Mar dy wiene fan fertriet yn 'e sliep fallen. Jezus sei: "Wêrom sliepe jim? Bid God dat Er jim krêft jout om it goede te kiezen!"

De learlingen skrokken en kamen gau oerein...

Der klonken stimmen. Troch de beammen hinne, seagen se guon fan de Hege Rie en soldaten mei fakkels oankommen. Judas rûn foarop. Wat soe Judas hjir moatte sa midden yn 'e nacht, mei al dy minsken om him hinne, fregen se har ôf.

De learlingen kamen njonken Jezus te stean. Mar Judas stapte op Jezus ta en joech Him in tút. Jezus seach Judas oan en frege: "Ferriedsto my mei in tút, Judas?"

Ferried! No wisten se it! It wie Judas dus, dêr't Jezus op doelde by it peaskemiel. De learlingen sprongen nei foaren en giene mei-inoar foar Jezus stean. Ien fan harren swaaide mei in swurd en rekke in feint fan de hegepryster.

"Ho ho, no is it genôch!" rôp Jezus. Hy kaam tuskenbeiden en lei hiel foarsichtich syn hân op it ear dat rekke wie. Sa makke Jezus de man wer better.

Doe draaide Jezus him om. Want der wiene ek noch in soad oaren mei de soldaten meikommen. Jezus sei tsjin harren: "Jim komme om my mei stokken en swurden op te heljen? Tinke jim no echt dat ik in rôver bin? Alle dagen wie ik by jim yn 'e timpel en dat fûnen jim mar gewoan. Is dit soms de dei dêr't jim op wachte ha?"

Doe pakten de soldaten Jezus fêst en namen Him mei...